

# earste fesper four de tiid fan peaske nei pinster, peaskemoandei

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger*      hear, iepenje my de lippen  
*gemeente*        myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger*        God, kom my te help  
*gemeente*        heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne*      ljocht dat ús ropt oerein te kommen,  
wylst wy noch sliep' yn d' iere moarn,  
stiif bin ik, neaken en ferklomme,  
oerspiel my, ljocht, fjurje my oan,  
omearnj' ús dat wy mei ús allen,  
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,  
net út inoars genede falle  
en weiwurde, fan nimmen fûn

ljocht dat foar my in plak bewarre,  
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,  
ljocht skyn de dei dy't my útkarde,  
til my omheech as ynleaf bern,  
do, bern yn my, sjoch út myn eagen  
oft earne al de moarntiid daag't  
dat d' ien foar d' oare wurdt in segen  
en elts syn namm' yn frede draacht

tsjuster kin oars net as ferniele  
en nimmen dy't dan takomst sjocht,  
mar ienris moat de macht ferdylge,  
dy't net syn oarsprong hat yn 't ljocht,  
mearstimmich ljocht, lit sjen en hearre  
dyn hertslach, fjoerich, krêftich wis,  
leafste fan minsken, earste berne  
en lêste wurd fan him dy't is

*antifoan*        do bist foar ivich pryster op 'e wize fan Melchisédek

*psalm*            psalm 110: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

dit hat de heare God myn hear te sizzen,  
kom, set dy oan myn rjochterhân nêst my,  
dan sjochsto aanst dyn grutske fijân lizzen,  
in rêstbank foar dyn fuotten wurdt er dij'

út Sion sil er jo de skepter rikke,  
it teken fan jo hege hearskippij,  
en oer jo fijân jo de macht beskikke,  
sa wurdt it lân fan twang en ûnrjocht frij

jo folk stiet om jo hinne as in hage,  
in feardich leger, feestlik yn 'e klean  
en 't jongfolk, fris as dauwe yn 'e dage,  
wol moedich mei syn hear te fjilde gear

*antifoan*        do bist foar ivich pryster op 'e wize fan Melchisédek

I            dit wie de Godsspraak fan 'e heare oan myn hear,  
II          gear sitten oan myn rjochterhân,  
I            oant lk fan dyn fijannen  
II          dij in fuotbank meitsje,  
I            de skepter fan jo macht mei de hear jo oanrikke út Sion wei,  
II          hearskje middenmank jo fijannen,  
I            jo folk stiet klear  
II          de deis dat jo jo macht sjen litte,

I yn hillige pronk stiet de jongerein foar jo ree  
 II as de dauwe út 'e skurte fan 'e dage  
 I de heare hat sward  
 II en it komt him net te muoien  
 I do bist foar ivich pryster op 'e wize fan Melchisédek,  
 II de hear stiet oan jo rjochterhân;  
 I no teplettert er keningen as syn grime losbarst;  
 II hy rjochtet de folken,  
 I besieddet de lannen mei liken,  
 II teplettert koppen op it wide fjild,  
 I hy drinkt ûnderweis út 'e beek,  
 II dan kin er de holle wer tille

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,  
 II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

*antifoon* do bist foar ivich pryster op 'e wize fan Melchisédek

*psalm* psalm 110: 4, 5 en 6, *lieteboek foar de tsjerken*

de hear hat sein en it sil him net berouwe,  
 hy dy't der sels in djoere eed op die,  
 'it prysterskip wol ik dy tabetrouwe,  
 it ivich amt dat Melchisédek hie'

no stiet de heare oan jo rjochterside,  
 syn grime sil de keningen ferslaan  
 en al wa't mei geweld syn rjocht bestride,  
 syn hân sil har ferdylgje en ferdwaan

dan hat er lins om út 'e beek te drinken,  
 it koele wetter dat de toarst ferslacht,  
 fan fierrens sjocht syn each d' oerwinning winken,  
 'de holl' omheech en oan jo ryk de macht'

*antifoon* do bist foar ivich pryster op 'e wize fan Melchisédek

*lêzing* Lukas 24: 13 - 35

Mar, wat woe it gefal? Dyselde deis wienen twa fan syn freonen ûnderweis nei in doarp dat goed tsien kilometer fan Jeruzalem ôf lei en Emmaüs hiet. Se hienen it tegearre oer alles wat der foarfallen wie. Wylst se yn har petear alles noch ris neigongen, kaam Jezus sels derby en rûn mei harren op. Mar it waard har eagen ûntkeard Him werom te kennen. Hy sei tsjin harren, 'wêr hawwe jimme it tegearre sa drok oer ûnderweis'? Mismoedich bleauwen se stean. Doe sei de iene, Kléopas, tsjin him, 'binne jo dan de iennichste dy't frjemd is yn Jeruzalem, dat Jo net witte, wat him dêr de lêste dagen ôfspile hat?' Hy frege harren 'wat dan?' Doe seinen se tsjin him, 'no, dat mei Jezus fan Nazaret, hy wie in profeet, machtich mei wurd en died yn 'e eagen fan God en fan it hiele folk. En hoe't de hegeprysters en ús liederen him útlevare hawwe ta de deastraf en him oan it krús slein hawwe. En wy tochten fêst, dat hy it wie, dy't komme soe om Israel frij te meitsjen. Mar mei dat al is it hjoed al de tredde dei, sûnt dy dingen bard binne. Boppedat hawwe inkelde froulju út ús fermidden ús fan 'e wize brocht. Se wienen fan 'e moarn betiid nei it grêf gongen en doe't se syn lichem net fine koenen, binne se werom kommen mei in ferhaal dat se in ferskinning fan ingels sjoen hienen, dy't seinen dat er libbet. Doe hawwe guon fan uzyn wer nei it grêf ta west. Se troffen alles oan sa't de froulju sein hienen, mar himsels seagen se net'. Doe sei Jezus tsjin harren, 'o, jimme ûnferstannen, te sleau om te fertrouwen op alles wat de profeten sein hawwe. Moast de Kristus dan net troch dit lijen hinne om yn syn hearlikheid te kommen? Doe begûn er by Mozes, gong alle profeten bylâns en joech harren útlis fan alles wat yn 'e skriften op him sloech. Wilens wienen se kommen by it doarp dêr't se hinne soenen en Jezus die, as soed er fierderop. Mar se hâlden him tsjin en seinen 'bliuw by ús, it rint al nei de jûn, de dei is om'. Hy gong mei yn 'e hûs en bleau by harren. Doe't er mei harren by de tafel siet, naam er it brea, tanke, breek it yn stikken en joech it harren. Doe gongen har de eagen iepen en se koenen him werom. Mar tagelyk waard er wei foar har eagen. Doe seinen se tsjininoar, 'stie ús hert net yn 'e brân, doe't er ûnderweis sa tsjin ús prate en ús de skriften útlei?' Mei joegen se har oerein en gongen werom nei Jeruzalem. Se troffen de alve en har meistanners byinoar, dy rôpen 'de hear is ferriisd, it is sa, Simon hat him sjoen'. Doe fertelden sij ek, wat harren ûnderweis oerkommen wie en hoe't se him weromkend hienen oan it brekken fan it brea.

*meditaasje*

Peaske is de oerwinning fan Kristus en it krús waard it simboal fan peaske. Sa waard it krús in oerwinningsteken. In wondere gong fan saken, hoe kin in eksekúsjemiddel, in martelders ynstremint, dêr ea foar brûkt wurde? Wat soenen wy derfan sizze, in tsjerke mei in galge op it alter, of in elektryske stoel?

It is net nuver dat de Emmaüsgongers der neat fan begriepen. De skriften prate ommers, ja jonge, aloan fan 'e oerwinning fan de messias op hiel oare wize. Folken sil er rjochtsje, koppen tepletterje op it wide fjild. Hoe kin dy messias oan in krús te finen wêze? Sels nei syn ferrizenis sil Jezus de fragen noch krije, 'dat keninkryk, heare, witte Jj noch wol'?

De oerwinning fan Jezus hoege wy nei peaske net mear oan te twiveljen. Dat dogge de learlingen ek net, sels Tomas net. Mar hoe moat it fierder, nei in oerwinning? By minsken is it gewoan, dat nei de lêste slach it earste sied struid wurdt foar de folgjende oarloch. In benearyend gegeven. In triomfator wol faak tefolle koppen tepletterje en syn deaden hawwe neibestenden dy't net ferjitte. Nei de oerwinning komt it der pas echt op oan.

De messias hat dus noch wurk nei syn ferrizenis. Nei syn ferrizenis kin Jezus dalik net nei syn Heit ta. No pas kin it evengeelje yn foarm smeid wurde yn 'e herten fan 'e learlingen. No pas begjinne se te begriepen wat syn wurden altyd betsjuten. Dit is de tiid, dat de nije wet op skrift steld wurde kin. Geane de poarten iepen fan 'e tsjerke, skoalle foar frede.

*stilte*

*mesyk*

*liet* lofsang fan Sacharias, gesang 67: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

no loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
wwat hy oan David tasein hie,  
dat woe hy wierheid meitsje,  
al wê't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje

hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't hy oan Abram dien hie  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie,  
wy mei', út fijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij  
ús libben lang op ierde,  
do, bern, silst útgean foar de hear  
en meitsje him de wegen klear  
dy't nei syn takomst liede

hjiir wurdt de wiere wysheid fûn,  
hjiir mei Gods folk it leare,  
de hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare,  
in nije dage wurdt ús brocht,  
wy meie stean yn 't klearre ljocht  
fan wierheid en genede,  
wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede

*gebedens*

*foargonger* leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar elk dy' it net leauwe kin,  
dat de dea ferslein is en de kweade dea  
en wy roppe,

*gemeente  
foargonger* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
foar dy't it net sjogge  
omdat net ien mei har it brea brekt  
of in beker kâld wetter oerjaan wol,  
sa roppe wy,

*gemeente  
foargonger* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
... ..  
en wy roppe,

*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde jo  
foar ússels dat wy de romte nimme  
dy't jo oerwinning ús skonken hat,  
dat wy jo neist ús witte  
en ús fan gjin macht op ierde oait  
mear yn 'e krapte bringe litte  
en klear steane, elke moarn op 'en nij,  
*gemeente* dêrom bidde wy meiinoar,  
ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet* gesang 72: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

jo folgj' ús út Jeruzalim,  
jo sprekk' ús ta, dat yn jo stim,  
dy't ús de skriften iepenleit,  
it ivich wurd syn groetnis leit

sa sille jo hjir nêst ús gean  
en út 'e deaden foar ús stean  
en brutsen brea yn hannen jaan  
en dutsen eagen iependwaan

o hear, ta jo sa bidde wy,  
bliuw ûnder ús en tichteby  
en set ús toarre hert yn brân,  
al bin wy sleau fan ûnferstân

hear, as de sinne stadich sinkt,  
de skimer falt, de jûne winkt,  
sis yn ús hert it wurd dat bliuwt,  
as d' ierde stil de nacht yn driuwt

*seine*

*foargonger* de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
*gemeente* amen

## twadde fesper four de tiid fan peaske nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* ljocht dat ús ropt oerein te kommen,  
wylst wy noch sliep' yn d' iere moarn,  
stiif bin ik, neaken en ferklomme,  
oerspiel my, ljocht, fjurje my oan,  
omearmj' ús dat wy mei ús allen,  
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,  
net út elkoars genede falle  
en weiwurde, fan nimmen fûn

ljocht dat foar my in plak bewarre,  
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,  
ljocht skyn de dei dy't my útkarde,  
til my omheech as ynleaf bern  
do, bern yn my, sjoch út myn eagen  
oft earne al de moarntiid daag't  
dat d' ien foar d' oare wurdt in segen  
en elts syn namm' yn frede draacht

tsjuster kin oars net as ferniele  
en nimmen dy't dan takomst sjocht,  
mar ienris moat de macht ferdylge,  
dy't net syn oarsprong hat yn 't ljocht,  
mearstimmich ljocht, lit sjen en hearre  
dyn hertslach, fjoerich, krêftich wis,  
leafste fan minsken, earste berne  
en lêste wurd fan him dy't is

*antifoon* mar jo bliuwe foar ivich himelheech

I It is kostlik de heare te tankjen,  
II in psalm op jo namme te sjongen, o heechste,  
I om yn 'e moarntiid jo geunst te fernijen,  
II jo trou yn 'e nachten,  
I by de tsiensnarige harpe,  
II by it klinken fan 'e liere,  
I want jo ha my bliid makke troch jo dwaan,  
II ik kin om jo dieden wol jubelje,  
I wat binne jo dieden grut, heare,  
II en seldsume djip jo gedachten

*antifoon* mar jo bliuwe foar ivich himelheech

*psalm* psalm 92: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

't is goed mei hert en tongen  
te loovjen God de hear,  
't is goed syn namm' en ear'  
mei psalmen lof te sjongen,  
dat moarns wy kundskip jouwe  
fan jo gened' en macht  
en tsjûgj' yn tsjust're nacht  
fan jo ûnbrek'rouwe

lit ús de tsiensnaar nimme  
en rop Gods dieden út,  
lit spyllju by de lút  
de blide siter stimme,  
jo dy't my geunst bewiizje,  
jo foar waans namm' en died  
myn hert yn flammen stiet,  
jo sil myn jubel priizje

*antifoan* mar jo bliuwe foar ivich himelheech

I in ûnnoazel minske wit der net fan  
II en in dwaas begrypt it net,  
I as ferkearde minsken as ûnkrûd opsjitte  
II en kweaminsken yn 'e bloei stean,  
I+II dan is dat, om foar altyd ferdylge te wurden,  
I mar jo bliuwe foar ivich himelheech,  
II want sjoch, jo fijannen, heare,  
I want sjoch, jo fijannen fergeane  
II en alle kweaminsken wurde fersille,  
I jo litte my de hoarnen omheech stekke as in buffel  
II en mei farske oalje bin ik oergetten,  
I mei eigen eagen sjoch ik it lot fan myn benearders  
II en myn earen fernimme it,  
I+II hoe't it myn oanfallers fergiet,  
I de rjochtfearde sjit op as in palmbeam,  
II hy waakst as in seder op 'e Libanon,  
I dy't yn it hûs fan 'e heare bewoartele binne,  
II sjitte op yn 'e foarhøven fan ús God,  
I sels op hege jierren drage se noch frucht  
II en bliuwe feardich en fris,  
I sa fernije se dat de heare rjocht is,  
II hy is myn rots, by him is gjin ûnrjocht

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

*antifoan* mar jo bliuwe foar ivich himelheech

*psalm* psalm 92: 7 en 8, *lieteboek foar de tsjerken*

dan sil d' oprjochte aardzje  
in prûze palm allyk,  
in seder sa't hja ryk  
de Libanon beskaadzje,  
hja sil de jeugd fernije  
en plant' yn 't hûs fan God,  
by alle leed en lot  
yn 't hillich foarhûf dije

sels yn har grize dagen  
bliuwt har de freugde wis,  
om glânzich, grien en fris  
de goede frucht te dragen,  
om 't rjocht fan God de heare  
te wytgjen fier yn 't run,  
want hy, myn fêste grûn,  
sil 't ûnrjocht net ferneare

*antifoan* mar jo bliuwe foar ivich himelheech

*lêzing*

Jehannes 14: 1 - 7

'Wurd mar net oerstjoer, betrou op God, betrou ek op my. Yn myn heite hûs binne gâns keamers. As dat net sa wie, soe ik it jimme wol sein hawwe, ik gean derhinne, om plak foar jimme klear te meitsjen.

As Ik derhinne gien bin en plak foar jimme klear makke haw, sil Ik weromkomme om jimme by my yn 'e hûs te nimmen, dat jimme ek wêze meie dêr't ik bin. Dêr't ik hinne gean, dêr witte jimme it paad hinne'. Tomas frege him, 'hear, wy witte net wêr't jo hinne geane, hoe soenen wy dan it paad dêrhinne witte'? Jezus antwurde, 'ik bin de wei, de wierheid en it libben, net ien komt by myn heit as troch my. As jimme my koenen, soenen jimme myn heit ek kenne, tenei kenne jimme him en hawwe him sjoen'.

#### *meditaasje*

God bliuwt foar ivich himelheech. Just yn dizze dagen binne dat sprekken wurden. De boppeste topkes grien yn 'e soeiende beammen lykje foar ús al net te berikken. Hoefolle heger dêrboppe farre de wolken. Noch heger steane nachts de moanne en de stjerren. En himelheech is noch heger. It is de hichte dêr't de frede wennet. Dêr't al leafde is, mar gjin striid. It is de hichte fan God.

Allinnich omdat Jezus sa heech wie, koe hy de oerwinning ek behelje. De oerwinning dy't de tsjerke yn dizze tiid heech hâldt. Mar nei de oerwinning komt de fraach fan hoe fierder, begjint it sykjen om de goeie rjochting. Nei syn oerwinning betochten de learlingen, dat Jezus sein hie, de goeie rjochting is dat út nei it hûs fan myn heit. Dat is it perspektyf dat hy jout nei peaske, foar elk in keamer, himelheech.

Mar minsken meie graach nei it paad freegje, ek as dat foar har leit. Sels as er him sjen en fiele kin, freget Tomas nei de bekende wei. Us ivige kwaal, lytsleauwigens, te min betrouwen. Jezus, dêr't wy it ferhaal fan witte, de wurden fan hearre, de leafde fan kenne, dy is de wei. Hy iepenet in nij perspektyf, en giet ús foar op it paad derhinne.

As wy him folgje, sjitte wy omheech as beammen, sille wy groeie oant wy ús doel berikt hawwe. It hûs fan 'e heit yn 'e himel.

#### *stilte*

#### *mesyk*

#### *liet*

lofsang fan Sacharias, gesang 67: 1, 2 en 3, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

no loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
wat hy oan David tasein hie,  
dat woe hy wierheid meitsje,  
al wêr't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje

hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't hy oan Abram dien hie,  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie,  
wy mei', út fijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij  
ús libben lang op ierde,  
do, bern, silst útgean foar de hear  
en meitsje him de wegen klear  
dy't nei syn takomst liede

hjiir wurdt de wiere wysheid fûn,  
hjiir mei Gods folk it leare,  
de hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare,  
in nije dage wurdt ús brocht,  
wy meie stean yn 't klear ljocht  
fan wierheid en genede,  
wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede

#### *gebedens*

#### *foargonger*

leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar elk dikeret nei in útsjoch

om in oanwizing dat de himel iepen is,  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* foar alle minsken dy't taaste,  
ûnwennich op ierde  
nei in hûs fan de frede,  
sa roppe wy,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* ... ..  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde jo,  
dat wy jo wurd net út ús hert weiwurde litte,  
ús eagen net ôfglydzje fan it paad fan jo soan,  
lit ús altiten foargoed fêsthâlde,  
dat jo yn 'e himel wenje en mei minder  
ek foar ús net tefreden binne  
foar ús en foar al ús neisten,  
dêrom bidde wy meiinoar,  
*gemeente* ús Heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid,  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet*

gesang 480: 1 oant en mei 5, *lieteboek foar de tsjerken*

jo haww', o heit dy't alles liede,  
de minsken jûn in rike ierde  
mei lân en see, mar alderearst  
ha jo it wurd lein op syn lippen  
om tusken dream en deistich skrippen  
tsjûge te wêzen fan jo Geast

jo wysheid en jo wolbehagen  
beheine minsk'ne libbensdagen,  
jo wize wegen om te gean,  
as tûzen noeden him bespringe  
wol jo him yn 'e romte bringe  
en hearskje litt' oer it bestean

hy leit it wylde dier oan bannen,  
besylt de see, bereizget lannen  
en wint him skatten út 'e grûn,  
ja, hy fljocht boppe wolk en winen  
om d' alderlêste grins te finen,  
al wie 't dat him de dea berûn

yn in geheimenis bewuolle  
en út syn earste steat ferballe  
leit er him út op swiet gewin,  
mar dochs, jo wurd jout op 'en bêsten  
syn sucht, syn sykjen sûnder rêsten

in wûnderfrjemd' en djippe sin

o God, ûnwennich is ús herte,  
wêr't wy ús ek nei wenjen sette,  
wy sykj' in better heitelân,  
beskik ús, nei ús ierdske tinten,  
in stêd dêr't jo de fûneminten  
fan lein ha mei jo eigen hân

*seine  
foargonger  
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
amen

# trede fesper four de tiid fan peaske nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* ljocht dat ús ropt oerein te kommen,  
wylst wy noch sliep' yn d' iere moarn,  
stiif bin ik, neaken en ferklomme,  
oerspiel my, ljocht, fjurje my oan,  
omearmj' ús dat wy mei ús allen,  
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,  
net út elkoars genede falle  
en weiwurde, fan nimmen fûn

ljocht dat foar my in plak bewarre,  
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,  
ljocht skyn de dei dy't my útkarde,  
til my omheech as ynleaf bern,  
do, bern yn my, sjoch út myn eagen  
oft earne al de moarntiid daag't  
dat d' ien foar d oare wurdt in segen  
en elts syn namm' yn frede draacht

tsjuster kin oars net as ferniele  
en nimmen dy't dan takomst sjocht,  
mar ienris moat de macht ferdylge,  
dy't net syn oarsprong hat yn 't ljocht,  
mearstimmich ljocht, lit sjen en hearre  
dyn hertslach, fjoerich, krêftich wis,  
leafste fan minsken, earste berne  
en lêste wurd fan Him dy't is

*antifoan* de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden

I tankje de heare, want hy is goed,  
II ivich duorret syn geunst,  
I Israel moat sizze,  
II ivich duorret syn geunst,  
I it hûs fan Aäron moat sizze,  
II ivich duorret syn geunst,  
I al wa't ûntsach foar de heare hat moat sizze,  
II ivich duorret syn geunst,  
I yn 'e benaudens rôp ik oan de heare,  
II de heare hat my antwurde en romte jûn,  
I as de heare foar my is, bin ik net bang,  
II wat kinne minsken my oandwaan  
I as de heare myn helper is,  
II dan sjoch ik op myn haters del

*antifoan* de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden

*psalm* psalm 118: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*  
sjong no in feestliet foar de heare,  
syn goedens is de ein fan wei,  
lit Israel de lofsang leare,  
syn goedens duorret nacht en dei,

lit prysterkoaren jubileare,  
syn goedens is ús altyd nei,  
lit dy't God freezje triomfeare,  
syn goedens is de ein fan wei

ik siet oan alle kant yn 't lijen,  
doe ha 'k de hear mei ynmoed socht,  
hy sels kaam om my te befrijen  
en hat my yn 'e romte brocht,  
gjin noed, want God sil foar my stride,  
wa minske makket my dan kjel,  
haw ik de heare op 'e side,  
dan sjoch ik op my haters del

*antifoan* de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden

I it is better by de heare te skûljen,  
II as op minsken te fertrouwen,  
I it is better by de heare te skûljen,  
II as op minsken fan oansjen te fertrouwen  
I allerhanne folken hienen my besingele,  
II yn 'e namme fan 'e heare haw ik se ferslein,  
I oan alle kanten hienen se my besingele,  
II yn 'e namme fan 'e heare haw ik se ferslein,  
I as bijen hienen se my besingele,  
II mar as in toarnefjoer binne se útgien,  
I+II yn 'e namme fan 'e heare haw ik se ferslein,  
I se hienen my sa stompt, dat ik foel omtrint,  
II mar de heare hat my bystien,  
I de heare is myn krêft en myn liet,  
II hy is myn rêder wurden

*antifoan* de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden

*psalm* psalm 118: 5, 6 en 7, *lieteboek foar de tsjerken*

myn help en hâld is God de heare,  
hy stimt myn hert ta sang en klang,  
in harp dy't rûzet ta syn eare,  
in liet dat klinkt myn libben lang,  
de tinten tille fan it sjongen,  
de psalmen brûze oer it lân,  
Gods feinten fiere ûnbetwongen  
de grutte deden fan syn hân

Gods rjochterhân, dy hat my sparre,  
Gods rjochterhân, dy die my goed,  
hy hat my foar de dea bewarre  
en libje mei ik, bliid te moed,  
no kin ik elkenien fernije  
syn heech bewâld, syn wiis bestjoer,  
de hear moast my wol hurd kastije,  
mar joech my oan it grêf net oer

doch my de poarten fan fiktoarje  
wiid iepen, dat ik yngean mei,  
yn 't hillichdom sjong ik de gloarje  
fan myn ferlosser dei oan dei,  
dit is de poarte fan de heare,  
dêr ropt er syn beminden yn  
en bring ik him myn tank en eare  
foar alles wat ik ûnderfyn

*antifoan* de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden

I der is in lûde jubel en triomf  
 II yn 'e tinten fan 'e rjochtfeardegen,  
 I de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden,  
 II de rjochterhân fan 'e heare is heech ferheven,  
 I+II de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden,  
 I ik sil net stjerre, ik sil libje  
 II en fertelle wat de heare dien hat,  
 I de heare hat my kastijd en wer kastijd,  
 II mar net oan de dea oerjûn,  
 I doch my de poarten fan 'e gerjochtichheid iepen,  
 II ik wol deryn om de heare te tankjen,  
 I dit is de poarte nei de heare,  
 II de rjochtfeardegen meie der ta yngean,  
 I ik tankje jo, dat jo my antwurde ha  
 II en dat jo myn rêder wurden binne,  
 I de stien dy't de boulju weidien hienen,  
 II dy is no de hoekstien wurden,  
 I dat is sa kommen troch de heare  
 II en in wûnder is it yn ús eagen,  
 I dit is de dei, dy't de heare makke hat,  
 II om him wolle wy jubelje en bliid wêze,  
 I och heare, jou ús útrêding,  
 II och heare, dat it ús slagje mocht

*antifoon* de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden

*psalm* psalm 118: 9 en 10, *lieteboek foar de tsjerken*

dit is de dei fan alle dagen,  
 de heare makke ús wûnd're bliid,  
 och, tink om ús yn wolbehagen,  
 och, jou ús rêst nei stoarm en striid,  
 ús wolkom moat de kening groetsje,  
 dy't komt yn namme fan de hear,  
 no't wy jim yn 'e timpel moetsje,  
 de wenning fan syn heil en ear'  
 de hear is God, hy liet ús blinke  
 de dage fan in nije moarn,  
 hjoed wolle wy syn trou betinke,  
 wy drage him ús offers oan,  
 jo bin myn God, jo wol ik tankje,  
 heech giet myn jubel troch de dei,  
 as ik mei 't folk jo lof ferklankje,  
 Gods goedens is de ein fan wei

*antifoon* de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden

I heech te priizjen is, dy't komt yn 'e namme fan 'e heare,  
 II wy winskje jimme heil út it hûs fan 'e heare,  
 I de heare is God, hy liet it foar ús daagje,  
 II byn no it feestoffer mei touwen  
 I+II oan 'e hoarnen fan it alter,  
 I jo binne myn God en jo wol ik tankje,  
 II myn God, heech wol ik fan jo opjaan,  
 I tankje de heare, want hy is goed,  
 II ja, ivich duorret syn geunst

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,  
 II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

*antifoon* de rjochterhân fan 'e heare docht machtige deden

*lêzing* Markus 16: 9 - 20

Nei't Jezus yn 'e iere moarn fan 'e earste dei fan 'e wike ferriisd wie, ferskynde hy it earst oan Maria fan Magdala, by wa't er sân duvels útband hie. Dy fertelde it dêrnei oan harren dy't mei him west hienen en

dy't no rouwen en skriemden. Mar doe't se hearden, dat hy libbe en dat sij him sjoen hie, leauden se it net.

Dêrnei ferskynde hy yn in oar stal oan twa fan harren, dy't bûtenút ûnderweis wienen. Doe't se weromkamen, fertelden dy it ek oan de oaren, mar hâr leauden se likemin.

Letter ferskynde hy ûnder iten oan de alve en ferwiet harren har stiifkoppich ûngeloof dat se har dy't him as ferrizene sjoen hienen, net leauwe woenen. Hy sei tsjin harren, 'reizgje de hiele wrâld oer en ferkundigje alle skepsels it bliid boadskip. Wa't leaut en doopt is, sil behâlden wurde, mar dy't net leaut, sil feroardiele wurde. Dizze tekens sille wêze mei harren dy't leauwe, yn myn namme sille se duvels útbanne, oare taal sprekke, slangen opkrije en ûnfetber wêze foar deadlik fergif, as se dat ynnimme, siken sille se de hannen oplizze en dy wurde dan better'.

Nei't de hear dat tsjin harren sein hie, waard er yn 'e himel opnommen en gong er sitten oan Gods rjochterhân. Sij gongen derop út en ferkundigen oeral it bliid boadskip. De hear holp harren en joech har wurd krêft troch de wûnders dy't derop folgen.

### *meditaasje*

Omheech sjitte as beammen nei de himel, yn dizze tiid is dêr wat by foar te stellen. De netoer helpt mei om it himelsk perspektyf net te ferliezen. Mar beammen skriuwe gjin skiednis, de sinne lûkt rûne banen, gjin rjochte linen. Is der eins wol feroaring, foarútgong, in tichterby kommen by ús hûs yn 'e himel?

It is net om 'e nocht, dat Jezus ús nei syn oerwinning mei tekens op 'en paad stjoert. Us werklikheid moat op ynbrutsen wurde, der moatte dingen oars dy't fan harsels altyd gelyk bliuwe. Dêr heart oarloch by, mar ek sykte en gefaar. Dingen dy't altiten weromkomme, dêr't ieu yn ieu út deselde wurden foar fûn wurde, it refrein fan it minskebestean. Dingen dy't net itselde bliuwe as God syn hân nei de tiid útstekt. Dat giet oan biste ynstinkt en gemyske wurkings ta.

De frede krije wy tekens fan mei. Dy hoege wy sels net iens te dwaan. Wy hoege inkeld to leauwen en te ferkundigjen en in hân út te stekken. Dan docht God de tekens, feroaret de tiid. Minsken fiele dat ús werklikheid oanrekke wurdt troch hegerhân.

It binne soms mar ribbelings yn 'e stream fan 'e deiske dingen. In ûntsnapping, in genêzing, ien kear frijwurde fan it rjocht fan de sterkste. Dêrnei fynt de stream syn ivige loop gauetich wer. Mar it lytste wûnder yn 'e namme fan Jezus hat grutte gefolgen. It feroaret kringloop yn klimloop. Wyldernis yn Keninkryk. Soe ien sa'n teken bestean kinne, as it dêr net op ta giet?

### *stilte*

### *mesyk*

### *liet*

lofsang fan Sacharias, gesang 67: 1, 2 en 3, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

no loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
wat hy oan David tasein hie,  
dat woe hy wierheid meitsje,  
al wêr't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje

hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't hy oan Abram dien hie,  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie,  
wy mei', út fijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij  
ús libben lang op ierde,  
do, bern, silst útgean foar de hear  
en meitsje him de wegen klear,  
dy't nei syn takomst liede

hji'r wurdt de wiere wysheid fûn,  
hji'r mei Gods folk it leare,  
de hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare,  
in nije dage wurdt ús brocht,  
wy meie stean yn 't klear ljocht  
fan wierheid en genede,

wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede

*gebedens*

*foargonger* leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar elk dy't sjocht om in teken yn 'e tiid  
om in wurd, in died, in feroaring  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* foar dy't in muorre nedich is  
jin geweld, beskerming tsjin alles  
dat it libben fergiftiget, de poarte  
dy't iepengiet nei it rjocht,  
sa roppe wy,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* ... ..  
en wy roppe,  
*gemeente* hHar ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde jo,  
dat wy de tekens dogge  
dy't jo jouwe yn jo goedens  
en net bang binne dat der in ein is  
oan wat jo de wrâld tasizze  
fan ivichheid ta ivichheid,  
*gemeente* dêrom bidde wy meiinoar,  
ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid,  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsliet*

gesang 372: 1 oant en mei 5, *lieteboek foar de tsjerken*

o nacht dy't om ús hinne is,  
do twingst de wrâld yn tsjusternis,  
mar 't ljocht dat rea de kym berint  
is 't ljocht fan Kristus dat oerwint.

de ierd' yn nacht en dizen wei  
wurdt by dy sinne ljochskynde,  
sjoch, alles oan 'e himeltrâns  
it krijt fan him syn kleur en glâns

jo, Kristus, wije wy ús liet  
mei al ús freugde, ús ferriet,  
hear nei ús ynlik smeekgebed,  
o hear, kom yn, kom yn ús hert

safoll' is fan it kwea bedoarn,  
bring jo de wrâld in nije moarn,  
o stjer oan 't hege himelpaad,

ferljochtsj' ús, fier ús út it skaad

oan God de heit en God de soan,  
oan God de geast, dy't op har troan  
regearj' yn macht en majesteit,  
de lof en tank yn ivichheid

*seine*

*foargonger* de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
*gemeente* men

# fjirde fesper four de tiid fan peaske nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* ljocht dat ús ropt oerein te kommen,  
wylst wy noch sliep' yn d' iere moarn,  
stiif bin ik, neaken en ferklomme,  
oerspiel my, ljocht, fjurje my oan,  
omearnj' ús dat wy mei ús allen,  
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,  
net út elkoars genede falle  
en weiwurde, fan nimmen fûn

ljocht dat foar my in plak bewarre,  
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,  
ljocht skyn de dei dy t my útkarde,  
til my omheech as ynleaf bern,  
do, bern yn my, sjoch út myn eagen  
oft earne al de moarntiid daag't,  
dat d' ien foar d' oare wurdt in segen  
en elts syn namm' yn frede draacht

tsjuster kin oars net as ferniele  
en nimmen dy't dan takomst sjocht,  
mar ienris moat de macht ferdylge,  
dy't net syn oarsprong hat yn 't ljocht,  
mearstimmich ljocht, lit sjen en hearre  
dyn hertslach, fjoerich, krêftich wis,  
leafste fan minsken, earste berne  
en lêste wurd fan him dy't is

*antifoon* och, woenen jim hjoed noch harkje nei syn stim

I kom, lit ús de heare tajubelje,  
II jûchje foar de rots dy't ús rêdt,  
I lit ús mei in lofsang foar him stean gear,  
II mei psalmen foar him jûchje,  
I want in grut God is de heare,  
II in grut kening oer alle goaden,  
I yn syn hân binne de djipten fan 'e ierde,  
II fan him binne de toppen fan 'e bergen,  
I de see is fan him, hy hat dy makke,  
II de fêste wâl, syn hannen hawwe dy foarme,  
I kom, lit ús delfalle en bûge,  
II knibbelje foar de heare, dy't ús makke hat,  
I hij is ommers ús God en wij,  
II it folk dat er hoedet, de keppel dêr't syn hân oer giet

*antifoon* och, woenen jim hjoed noch harkje nei syn stim

*psalm* psalm 95: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*  
kom priizje wy ús heil, ús rots,  
kom, jubelje ta eare Gods,  
lit ús mei lof syn antlit moetsje,  
him stimme wy de lofsang oan,

him wolle wy yn d' iere moarn  
mei blide psalmen biddend groetsje

de hear is grut, in hearlik God,  
beskiedend iders tiid en lot,  
in kening, grut bopp' alle goaden,  
it djipst fan d' ierd' is yn syn hân,  
hy hâldt de heechste berch yn stân,  
de wrâld bestiet by syn geboaden

en sines is de wide see,  
oer ieuwen makke hy har ree,  
syn hannen foarmen lyksa 't droege,  
kom, lit ús ta de heare gean,  
earbiedich foar ús skepper stean  
en biddend foar syn antlit bûge

hy is ús God dy't myld en gol  
ús yn syn finnen weidzje wol,  
syn skiep, dy't oars yn 't wyld fertoarken,  
hy ropt jim hjoed yn 't goede lân,  
ien keppel yn syn hoedershân,  
och, dat jim nei syn ropstim harken

*antifoon* och, woenen jim hjoed noch harkje nei syn stim

I+II och, woenen jim hjoed noch harkje nei syn stim,  
I ferhurdzje jimme net lykas by Meriba,  
II as destiids by Massa yn 'e wyldernis,  
I dêr't jimme foarfaars my hifken  
II en fergen, hoewol't hja myn wurk seagen,  
I fjirtich jier haw Ik fan dat geslacht walge,  
II ik sei, 'it hert fan dat folk is op 'e doele,  
I+II se wolle fan myn wegen net mear witte',  
I dêrom haw ik yn myn grime sward,  
II by my sille se gjin rêst fine

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

*antifoon* och, woenen jim hjoed noch harkje nei syn stim

*lêzing*

Mattéus 7: 15 - 29

'Hoedzje jim foar de falske profeten. Dy komme by jimme en dogge har foar as nuete skiep, mar inerlik binne it roppige wolven. Oan har fruchten sille jim harren kenne. Men plôket dochs gjin druven fan toarnbosken en gjin figen fan stikels, wol? Ja, elke goede beam jout goede fruchten, mar de fermôge beam oars net as minne. In goede beam kin gjin minne fruchten jaan, in fermôge noait gjin goede. Elke beam dy't gjin goede fruchten jout, wurdt omhoud en yn it fjoer smiten. Sa sille jim se kenne oan 'e fruchten.

Net elkenien dy't 'hear, hear' tsjin my seit, sil it himelske ryk yn komme, mar allinne hy dy't docht, wat myn himelske heit wol. Mannichien sil dy deis tsjin my sizze, 'hear, hear, hawwe wy net yn jo namme it godlike boadskip brocht, yn jo namme duvels útband en yn jo namme hiel wat wûnders dien'? Ik sil harren dan planút sizze, 'ik haw jimme noait kend, gean by my wei, jimme mei jim ûngerjochtichheden'.

Elkenien dy't nei dizze wurden fan my heart en derneffens docht, liket op in man mei oerlis, dy't syn hûs op 'e rotsgrûn boud hat. It begjint te eazjen, it wetter fan 'e bergen komt delsetten, it waait in stoarm. Dat batst allegear tsjin dat hûs oan, mar it stoart net yn, want it stiet fêst op 'e rots. Elkenien dy't dizze wurden fan my wol heart en der net neffens docht, liket op ien dy" syn hûs domwei op los sân boud hat. It begjint te eazjen, it wetter fan 'e bergen komt delsetten, it waait in stoarm. Dat batst allegearre tsjin dat hûs oan. It stoart yn, it wurdt ien grutte púnfal'. Doe't Jezus oan 'e ein kommen wie fan dizze taspraken, wie it folk tige optein oer syn ûnderrjocht, want hy die it as ien dy't it te sizzen hat en net sa as har wetleearaars.

*meditaasje*

Giet de oerwinning wer by ús wei? Wurdt de frede in kâlde oarloch? It liket nuver, as helle Jezus sels de fêste grûn ûnder ús leauwe wei. Wy kinne roppe, wy kinne tekens dwaan, mar wat as hy ús net kenne wol? Alles draait hjir om it harkjen nei syn stim. De oerwinning fan peaske is in feit, mar dan? Wy binne grutwurden yn it ryk fan syn tsjinstanner. Wy binne wend te roppen en op te treden foar ússels. Omdat yn

'e wrâld de grutste mûlen it measte yn te bringen hawwe. Mar in oerwinning betsjut ek in wiksel fan macht. De nije kening is de âlde net. Wat hat hy eins te sizzen?

De frede, dy't Kristus bringt, moatte wy leare te sjen en te hearren, moatte wy fine. Dêrta is stilte nedich en rêst. Mei alles ophâlde en jin iepenstelle foar syn hearskippij. Dan sjogge wy syn hân, om ús libben hinne. Dan hearre wy syn wil, it heil fan ús neisten. Sa stie it al ieuwen yn it boek, dêr't de wrâld oan foarbyrint. Mar om peaske wier wurde te litten, moatte wy stilstean.

Kristus syn ferrizeris brekt alle regels fan minsken. De nije kening kinne wy net mei it âlde wetboek tsjinje. Dy't net stilstiet, bliuwt op âlde wegen. Dan rint yndie de oerwinning wer by jin wei. Mar dy't de nije wegen fynt, hat de frede altyd ûnder hânberik.

*stilte*

*mesyk*

*liet* lofsang fan Sacharias, gesang 67: 1, 2 en 3, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

no loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
wat hy oan David tasein hie,  
dat woe hy wierheid meitsje,  
al wêr't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje

hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't hy oan Abram dien hie  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie,  
wy mei', út fijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij  
ús libben lang op ierde,  
do, bern, silst útgean foar de hear  
en meitsje him de wegen klear  
dy't nei syn takomst liede

hjiir wurdt de wiere wysheid fûn,  
hjiir mei Gods folk it leare,  
de hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare,  
in nije dage wurdt ús brocht,  
wy meie stean yn 't klearre ljocht  
fan wierheid en genede,  
wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede

*gebedens*

*foargonger* leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar elk dy't bang is foar de dei  
dat jo ien bûten de keppel slute  
en wy roppe,

*gemeente  
foargonger* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
wy bidde foar de hopeleazen,  
de minsken dy't leard hawwe,  
dat jo in God fan riken en machtigen binne,  
sa roppe wy,

*gemeente  
foargonger* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
... ..

*gemeente* en wy roppe,  
hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger*

heare, wy bidde jo,  
dat wy dochs harkje nei jo stim  
en ús libben fruchten drage litte  
dy't smeitsje nei jo oanwêzichheid,  
in rots fan leafde, in hear  
dy't wachtet op wierheid  
om minsken te bewarjen yn ûnwaar,  
dêrom bidde wy meiinoar,

*gemeente*

ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid,  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet*

gesang 388: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

de jûn giet yn en d' earste stjerren skine  
en alles jout him del om rêst te finen,  
myn siel, wêr bisto better ta dyn bêst  
as by de heare sels, hy is de rêst

de swalker rûn de lange wei allinne,  
de fûgels fleane nei har nêsten hinne,  
it skiepk' is yn 'e koai en ropt net mear  
lit my fannacht by jo yn hûs, o hear  
och rjochtsje sels myn twivelriedich tinken  
as yn myn wiffe geast de fierten winke,  
ûntslút de dorren fan jo hillichdom  
dat 'k alles farre lit en by jo kom

de hiele dei mocht ik wer nêst jo rinne,  
wy gongen bliid as heit en bern dêrhinne,  
jo binne goed, o hear; ik bin it net,  
lit my mar tankber wêze yn myn hert

ferjou it my, ik liet it dochs wer sitte,  
ik woe net wat jo woll', ik koe 't net litte,  
it spyt my sa, ik tocht en die net goed,  
och help my, dat it better giet as hjoed

hat lang om let de lea syn wurk foltôge,  
no komt de geast omheech en spant de bôge,  
ynmoedich wol ik bidde foar jo troan,  
dan skôgj' ik jo yn geast en wierheid oan

*seine*

*foargonger*

*gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
amen

# fyfde fesper foar de tiid fan peaske nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger*      hear, iepenje my de lippen  
*gemeente*        myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger*      God, kom my te help  
*gemeente*        heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne*     ljocht dat ús ropt

ljocht dat ús ropt oerein te kommen,  
wylst wy noch sliep'yn d' iere moarn,  
stiif bin ik, neaken en ferklomme,  
oerspiel my, ljocht, fjurje my oan,  
omearmj' ús dat wy mei ús allen,  
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,  
net út elkoars genede falle  
en weiwurde, fan nimmen fûn

ljocht dat foar my in plak bewarre,  
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,  
ljocht, skyn de dei dy't my útkarde,  
til my omheech as ynleaf bern,  
do, bern yn my, sjoch út myn eagen  
oft earne al de moarntiid daag't  
dat d' ien foar d' oare wurdt in segen  
en elts syn namm' yn frede draacht

tsjuster kin oars net as ferniele  
en nimmen dy't dan takomst sjocht;  
mar ienris moat de macht ferdylge,  
dy't net syn oarsprong hat yn 't ljocht;  
mearstimmich ljocht, lit sjen en hearre  
dyn hertslach, fjoerich, krêftich wis,  
leafste fan minsken, earste berne  
en lêste wurd fan hm dy't is

*antifoan*        dy't trou bliuwt oant yn ivichheid

I                    halleluja,  
II                   lit al wat yn my is de heare priizje,  
I                    ik priizje de heare myn libben lang,  
II                   foar myn God wol ik psalmsjonge salang as ik der bin,  
I                    fertrou net op foarsten,  
II                   net op minskebern, dêr't gjin help fan komt,  
I                    as de siken derút geane, wurdt er wer stof fan 'e ierde  
II                   en dy deis is it dien mei syn foarnimmens

*antifoan*        dy't trou bliuwt oant yn ivichheid

*psalm*            psalm 146: 1 oant en mei 5, *lieteboek foar de tsjerken*

halleluja, lit my sjonge,  
sjonge hiel myn libben lang,  
'k wol de hear mei hert en tonge  
huldigj' yn myn blide sang,  
oant myn lêste sucht fergiet  
sjong ik him myn psalm en liet

sykje 't net by hege mannen,  
hâld it net op minskebern,  
al har dryst' en drege plannen  
is gjin spoar mear fan te sjen

en har gloarje sinkt yn 't neat,  
as har stof ta d' ierde keart

lokkich hy dy't syn betrouwen  
op de God fan Jakob set,  
dy't syn hope doar te bouwen  
op de hear mei hiel syn hert,  
op de skepper fan 'e wrâld,  
dy't de trou foar ivich hâldt

hy docht rjocht wa't ûnrjocht lije,  
earmen hat er myld betocht,  
bûnen wol de hear befrije  
en de blinen jout er ljocht,  
wurgen winne krêft en moed,  
wa't him leafhat, docht er goed

ja, ús God is fol ûntferming,  
hy jout wees en widdo brea,  
nimt de frjemdling yn beskerming,  
mar foar kweaden wankt de dea,  
Sion, sjong it as alear,  
Ivich kening is de hear

*antifoon*

dy't trou bliuwt oant yn ivichheid

I gelokkich dy't Jakobs God as helper hat,  
II dy't hopet op de heare, syn God,  
I God, dy't himel en ierde makke hat,  
II de see en al wat dêryn is,  
I+II dy't trou bliuwt oant yn ivichheid,  
I dy't ferdrukten oan har rjocht helpt  
II en de hungerigen brea jout;  
I de heare lit de gefangenen los,  
II de heare jout de blinen it gesicht,  
I de heare helpt de delbûgden oerein,  
II de heare hâldt it mei de rjochtfeardigen,  
I+II de heare beskermet de frjemdelingen,  
I hy hâldt de widdo en de wees op fuotten,  
II mar de wei fan sûnders lit er dearinne,  
I de heare is foar ivich kening,  
II dyn God, Sion, fan âlder op âlder,  
I+II halleluja

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

*antifoon*

dy't trou bliuwt oant yn ivichheid

*lêzing*

Mattéus 7: 7 - 14

Freegje en jim sil jûn wurde. Sykje en jim sille fine. Klopje en der sil foar jim iependien wurde. Elk dy't freget, kriget. Elk dy't siket, fynt. Foar elk dy't kloppet wurdt iependien.  
Is der soms ien fan jimme, dy't syn soan in stien jout, as er om brea freget, of in slange, as er om in fisk freget? No, as jimme, ferkeard as jim binne, jim bern goede dingen jouwe, hoefolste mear sil dan jimme himelske heit it goede jaan oan dy't der him om freegje. Alles wat jim wolle, dat de minsken jimme dogge, doch dat harren ek. Dêr komme wet en profeten op del.  
Gean ta de nauwe poarte yn, want wiid is de poarte en breed de wei dy't op it ferdjer oan giet en der binne in bulde dy't dat paad nimme. Mar wat is de poarte nau en wat is de wei smel dy't op it libben oan giet. Der binne mar in bytsje dy't dy fine.

*meditaasje*

De smalle weg en de enge poort. De nauwe poarte. Wy kinne allegear de plaat oan 'e muorre. Mei as skrikbyld de grutte, brede wei mei op 'e ein it ferdjer. Kloften minsken dy't dy wei geane, laitsjend en fleurich. In pear boddery dy't mei klauwen foarút komme op 'e steile rotsen fan 'e smelle wei. Is dat de bedoeling fan it evengeelje, is Jezus dêrta ferriisd? Om minsken massaal de oare kant út gean te litten? Nee fansels. Mar de iene oerwinning freget al om de oare. Syn ryk stiet fêst. Mar as wy dêryn yngean wolle, moatte wy al oanklopje. Om te dielen yn syn frede, moatte wy ússels al oerwinne. Dat is net noflik, dat is wat oars as meidriuwe op 'e libbensstream.  
It is kiezen, kiezen mei hert en hannen. De wei is smel, omdat er ús net oanlûkt. De poarte is nau, omdat alles der net troch kin. It is de poarte fan it kiezen foar earmen en ûnrjochtljiers. De wei efter dy poarte is

rotsich en min te gean. Want der is wat yn ús, dat wol net tefolle by de earmen sjoen wurde. Dat ferset him tsjin it rjocht fan 'e swakke. Jezus seit net om 'e nocht, 'de earmen sille jim altyd by jim hawwe'. Untmoedigjend, al 2000 jier werklikheid. Salang't net mear minsken dy wei geane, bliuwt er smel en min ûnderholden. Mar de poarte nei dy wei komme wy net ien kear foarby, mar alle dagen. Dat is ien ding dat net kloppet oan dy âlde plaat. It oare is, de smelle wei bûcht faak wer werom nei de brede. Dêrom folgje nei de earste nauwe poarte hieltiten nijen, wer by dat brede paad wei. Se wurde hieltyd nauwer, wurde fûn troch hieltyd minder minsken.

De nauste koe krekt ien minske troch. It wie in poarte yn 'e foarm fan in krús, ien smelle peal. Mar de úteinen fan dat krús binne sa breed, se omspanne de hiele wrâld. Elk dy't by dat krús kloppet, giet de poarte iepen. Dy krijt de krêft ta selsoerwinning. Dy fynt de moed om de earste ynwenners fan it Godsryk op te sykjen en te folgjen. Te folgjen op de smelle wei.

*stilte*

*mesyk*

*liet*                    lofsang fan Sacharias, steande, gesang 67: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

no loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
wat hy oan David tasein hie,  
dat woe hy wierheid meitsje,  
al wêr't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje

hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't hy oan Abram dien hie,  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie,  
wy mei', út fijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij  
ús libben lang op ierde,  
do, bern, silst útgean foar de hear  
en meitsje him de wegen klear  
dy't nei syn takomst liede

hjiir wurdt de wiere wysheid fûn,  
hjiir mei Gods folk it leare,  
de hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare,  
in nije dage wurdt ús brocht,  
wy meie stean yn 't klearre ljocht  
fan wierheid en genede,  
wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede

*gebedens*

*foargonger*

leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar elk dy't siket,  
dy't kloppet, dy't freget  
oan jo doar  
en wy roppe,

*gemeente  
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
wy bidde foar de minsken  
dy't witte wêr't jo wenje,  
jo leafde sjogge foar de earmen,  
mar de drompel dêrhinne  
net oer komme,

*gemeente  
foargonger*

sa roppe wy,  
hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
... ..

*gemeente* en wy roppe,  
hear ûntfermjje, hear ûntfermjje, hear ûntfermjje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde jo,  
dat wy se doare te finen,  
de blinen, de bûnen,  
de widdo en de wees,  
dy't lije oan ûnrjocht,  
wy bidde dat wy leare te leauwen  
dat hja ús de poarte wiid iepensette nei jo

*gemeente* dêrom bidde wy meiinoar,  
ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe,  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsliet* gesang 376: 1 oant en mei 5, *lieteboek foar de tsjerken*

de moarntiid is op kommen,  
oer 't nachtlík gea  
stean d' earste roazeblommen  
fan 't dagerea

o helle moarntydsstjerre,  
Gods iiv'ge soan,  
stjoer op ús hert fan fierren  
jo strielen oan

en wêz' ta gloed' ûntstutsen  
in himpen ljocht  
yn 't each fan waan betrutsen  
dat jo net sjocht

hear, wekj' ús sleauwe sinnen,  
ús wif gemoed,  
om flitich te berinnen  
jo paden goed

oant wy, út nacht en nearens,  
út pyn' en pleach,  
oanskôgje, God, jo klearens  
fan each ta each

*seine*

*foargonger* de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
*gemeente* amen

# sechsde fesper foar de tiid fan peaske nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger*      hear, iepenje my de lippen  
*gemeente*        myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger*        God, kom my te help  
*gemeente*        heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne*      ljocht dat ús ropt

ljocht dat ús ropt oerein te kommen,  
wylst wy noch sliep' yn d' iere moarn,  
stiif bin ik, neaken en ferklomme,  
oerspiel my, ljocht, fjurje my oan,  
omearmj' ús dat wy mei ús allen,  
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,  
net út elkoars genede falle  
en weiwurde, fan nimmen fûn

ljocht dat foar my in plak bewarre,  
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,  
ljocht, skyn de dei dy't my útkarde,  
til my omheech as ynleaf bern,  
do, bern yn my, sjoch út myn eagen  
oft earne al de moarntiid daag't  
dat d' ien foar d' oare wurdt in segen  
en elts syn namm' yn frede draacht

tsjuster kin oars net as ferniele  
en nimmen dy't dan takomst sjocht;  
mar ienris moat de macht ferdylge,  
dy't net syn oarsprong hat yn 't ljocht,  
mearstimmich ljocht, lit sjen en hearre  
dyn hertslach, fjoerich, krêftich wis,  
leafste fan minsken, earste berne  
en lêste wurd fan him dy't is

*antifoan*        syn majesteit is boppe himel en ierde

I+II                halleluja  
I                    loovje de heare út de himel wei,  
II                   loovje him yn 'e hichte,  
I                    loovje him, al syn ingels,  
II                   loovje him, al syn legers.  
I                    loovje him, sinne en moanne,  
II                   loovje him, alle ljochtsjende stjerren,  
I                    loovje him, de boppeste himel  
II                   en jimme, wetters boppe de himel,  
I                    hja moatte de namme fan de heare loovje,  
II                   want op syn befel binne se skepen

I                    hy joech har foar altyd en ivich it bestean  
II                    en brocht har yn in baan dy't er net wer feroaret

*antifoan*        syn majesteit is boppe himel en ierde

*psalm*            psalm 148: 1 oant en mei 5, *lieteboek foar de tsjerken*

halleluja, o bliid geroft  
út wolkefjild en stjerreloft,  
sjong, alle hymnen, heech en hoar  
oan him it halleluja foar,  
sa't sinne, moann' en alle stjerren

oer d' earste blommen jubilearren,  
hy rôp wat is en alles fûn  
syn mjitt' en gong, de tiden rûn

halleluja, o ierde, sjong  
syn hill'ge namm' yn mjitt' en gong,  
jim meunsters, sjong en muzisear  
yn see en djipte foar de hear,  
sjong, berch en hicht' en alle beammen  
yn hôf en wâld syn net te neammen,  
woldédichheid yn frucht en blêd,  
fan rein en sinne swiet en sêd

jim fjoer en hagel, stoarm en snie,  
dy't dogge wat hy hjitten hie,  
jim, keningen en folken, kom  
en rop syn nammen oeral om,  
set, alle feinten, alle fammen,  
allyk de lysters op 'e stammen  
mei jong en âld de lofsang yn  
foar him dy't wekket oer de wyn

halleluja, no't bosk en fjild  
syn namme nei de wolken tilt,  
ja heger as de hege nacht,  
sjong, ierd' en himel, yn 'e pracht  
fan 't goddelike ljocht befongen,  
aloan it liet fan tûzen tongen,  
dat ivich is en net fergiet,  
no't alle wrâld syn feesten fiert

omheech de hoarn, de holl' oerein,  
sa komt syn folk fan fier en hein,  
sa komt de krêft yn lof en liet  
oer elk dy't yn 'e rigen giet;  
halleluja, want hy allinne  
bewarret wa't dêr by him binne,  
har findel riist en giet net del,  
lof oan de God fan Israel

*antifoan* syn majesteit is boppe himel en ierde

I loovje de heare ek fan de ierde ôf,  
II jimme, seemeunsters en alle djipten,  
I fjoer en hagel, snie en dize,  
II do stoarmwyn dy't syn wil folbringt,  
I jimme, bergen en alle heuvels,  
II fruchtbeammen en alle seders,  
I jimme, wyldguod en alle fee yn keppels,  
II al wat krûpt en al wat fljocht,  
I jimme, keningen fan 'e ierde en alle folken,  
II foarsten en rjochters op ierde,  
I jimme, jongfeinten en jongfammen,  
II de âlderein mei de jongerein,  
I hja moatte de namme fan de heare loovje,  
II want syn namme is allinnich ferheven,  
I syn majesteit is boppe himel en ierde,  
II en hy liet de macht fan syn folk oanwinne,  
I hy joech al syn geunstelingen in lofsang,  
II oan de bern fan Israel, oan it folk dat him neistiet,  
I+II halleluja

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid  
*antifoan* syn majesteit is boppe himel en ierde

*lêzing* Mattéus 13: 24 - 35

Noch in gelikenis fertelde er harren. It is mei it himelske ryk as mei in man dy't goed sie yn syn bou siedde hie. Doe't alleman te sliepen lei, kaam syn fijân en siedde wylde weet tusken de goede. Doe

makke er dat er fuort kaam. It gewaaks skeat op en sette frucht, mar doe die bliken, dat der ek wylde weet yn siet. De arbeiders gongen nei de boer ta en seinen tsjin him, 'boer, jo hawwe dochs goed sie yn 'e bou siedde, n'twier? Wêr kin dy wylde weet dan weikomme'? Hy sei tsjin harren, 'dat is it wurk fan in fijân'. De arbeiders fregen him, 'wolle jo, dat wy de bou op geane en de wylde weet derút helje'? 'Nee', sei er, 'jim soenen ris tagelyk de goede útlûke kinne. Lit it mar meiinoar opgroeie oan 'e rispinge ta. As it sa fier is, dan sis ik tsjin 'e sichters, fandelje earst de wylde weet byinoar. Byn it oan bosken en brân it op en dan bringe jim de goede weet yn 'e skuorre'.

Noch in gelikenis fertelde er harren, 'it is mei it himelske ryk as mei in mostersiedsje dat men yn 'e tún sieddet. It is it fynste fan alle sie, mar as it ienkear opsjit, wurdt it grutter as alle oare krûden. It wurdt sa'n hege strûk, dat de fûgels kinne har nêsten yn 'e tûken bouwe.'

Ek dizze gelikenis fertelde er harren, 'it is mei it himelske ryk as mei soerdaai dat in frou troch trije mjitten moal mingt, sa lang oant alles suorre is.' Dat fertelde Jezus it folk allegearre yn gelikennissen en hy die it der noait sûnder. Sa moast útkomme wat de profeet sein hat, 'ik sil myn mûle iependwaan om gelikennissen út te sprekken, wat fan wrâlds begjin ôf oan ferburgen wie, sil ik ta utering bringe'.

### *meditaasje*

It is mei it nije ryk fan peaske net inkeld in kwestje fan kiezen. It is ek groeien. It wurd 'groeï' ûntnimt ús ús eigen ferantwurdlikheid dêrmei net. It is in wurd, dat just wat seit oer it wêzen fan dat ryk. It lit him net keare, wy komme it tsjin. Wy kinne derfoar kieze of dertsjin. Mar ûntrinne kinne wy it net. It groeit ek yn ús libben op, it wint oan macht.

Wy lêze de gelikennissen faak as lessen fan Jezus. Hoe is God, wat freget hy fan ús? Soms ek as selsiepenbiering, wa is Jezus? Mar der binne ek gelikennissen oer de takomst, de takomst nei peaske. Sa is it mei Jezus syn ryk as in siedsje, gêstkerlen. Der stiet ien inkeld krús op 'e wide wrâld, it hat der ien dei stien. Mar dêr sit safolle krêft yn, dat giet net ferlern. Nee, it feroaret just alles dat it oanrekket.

Dêrom, it krús ûntrinne wy net. It groeit djipper as de ierde, heger as de himel, sa wiid as de wrâld. Wy komme se tsjin, hongeringen dy't sêd krije, finzenen dy't de frijheid net mear gean litte wolle. It rjocht fan 'e swakken is net mear te ûnderdrukken nei peaske. Hielyd faker kinne wy merke, dat de dea gjin macht oer in minske hat. Wy sjitte op yn in mingde wrâld. Wy wurde soms kjel fan it kweade om ús hinne, mar it goede, dat groeit ús boppe de holle.

### *stilte*

### *mesyk*

### *liet*

lofsang fan Sacharias, steande, gesang 67: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

no loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
at hy oan David tasein hie,  
dat woe hy wierheid meitsje,  
al wêr't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje

hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't hy oan Abram dien hie,  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie,  
wy mei', út fijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij  
ús libben lang op ierde,  
do, bern, silst útgean foar de hear  
en meitsje him de wegen klear  
dy't nei syn takomst liede

hjir wurdt de wiere wysheid fûn,  
hjir mei Gods folk it leare,  
de hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare,  
in nije dage wurdt ús brocht,  
wy meie stean yn 't klearre ljocht  
fan wierheid en genede,  
wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede

*gebedens*

*foargonger* leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar alle minsken dy't fjochtsje  
om dizze ierde fruchtdrage te litten,  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* wy bidde foar allegearre  
dy't in skûlplak sykje om te rêsten,  
brea mei nije krêft deryn,  
en it net fine,  
sa roppe wy,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger.* ... ..  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde jo  
om de bemoediging troch jo ryk,  
dat yn lytse dingen en dieden  
troch wrâld en libben hinne giet,  
fan âld oant nij, heech oant leech,  
jo ryk dat sels sjen lit,  
dat wat wy hast net fine kinne  
fan tûzen kanten op ús ta groeit;  
*gemeente* dêrom bidde wy meiinoar,  
ús Heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet* gesang 55: 1, 2, 3, 4 en 5, *lieteboek foar de tsjerken*

it ryk fan God, wit jim wêrmei 't  
him fergelykje lit,  
in sied dat yn ferhoalenheid  
him burgen wit  
in siedsj' oan d' ierde tabetroud,  
sa is ús leauwen, swak,  
mar 't wurdt in beam dy't koelte jout,  
in skadich dak

de fûgels fleane fan omheech,  
hja sykje om in nêst,  
krije syn skaad al yn it each  
en fine rêst

o beam dy't nei de himel wiist  
en yn 'e ierde stiet,  
o kostber krûd, foar ús ferriisd,  
o mostersied

*seine*

*foargonger* de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre

*gemeente*

amen

# sânde fesper foar de tiid fan peaske nei pinkster, himelfeart

*stilte*

*iepeningsfer*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* ljocht dat ús ropt oerein te kommen,  
wylst wy noch sliep' yn d' iere moarn,  
stiif bin ik, neaken en ferklomme,  
oerspiel my, ljocht, fjurje my oan,  
omearnj' ús dat wy mei ús allen,  
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,  
net út elkoars genede falle  
en weiwurde, fan nimmen fûn

ljocht dat foar my in plak bewarre,  
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,  
ljocht, skyn de dei dy't my útkarde,  
til my omheech as ynleaf bern,  
do, bern yn my, sjoch út myn eagen  
oft earne al de moarntiid daag't  
dat d' ien foar d' oare wurdt in segen  
en elts syn namm' yn frede draacht

tsjuster kin oars net as ferniele  
en nimmen dy't dan takomst sjocht,  
mar ienris moat de macht ferdylge,  
dy't net syn oarsprong hat yn 't ljocht,  
mearstimmich ljocht, lit sjen en hearre  
dyn hertslach, fjoerich, krêftich wis,  
leafste fan minsken, earste berne  
en lêste wurd fan him dy't is

*antifoon* dêr steane ommers de rjochterstuollen

*psalm* psalm 122: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

wat wie ik bliid doe't ik de rop  
wer hearre mocht, 'wy steane klear  
om nei de timpel fan de hear',  
heech sprong de wille yn my op,  
Jeruzalem, o gouden dei,  
as ik dyn poarten yngean mei,  
mei al Gods folk oan 't feestmiel noege,  
do stêd fan God, fan fierren sjoen,  
in heech en hearlik fizioen,  
fannijs ferriisd en wol befoege

sa gongen op Gods heech befel  
de stammen ieuwen lang ús foar,  
sa folgje wy dat hillich spoar,  
in foarskrift foar hiel' Israel,  
Jeruzalem, o gouden dei,  
as ik dyn poarten yngean mei,  
mei al Gods folk sjong ik myn heare,  
dêr bloeit it rjocht, dêr stiet de troan  
fan Davids hûs, fan heit op soan,

stean rjocht en wet dêr heech yn eare

*antifoon* dêr steane ommers de rjochterstuollen

I ik wie bliid, doe't se tsjin my seinen,  
II 'wy geane nei it hûs fan 'e heare',  
I no steane ús fuotten dan  
II yn dyn poarten, o Jeruzalem,  
I Jeruzalem, dat boud is as in echte stêd,  
II in besletten ienheid,  
I dêr meitsje de stammen de reis hinne,  
II de stammen fan 'e heare,  
I sa't Israel foarskreaun is,  
II om 'e namme fan 'e heare te tankjen,  
I dêr steane ommers de rjochterstuollen,  
II de stuollen foar it hûs fan David,  
I bid om frede foar Jeruzalem,  
II om rêst foar dy't fan dy hâlde,  
I mei der frede wêze binnen dyn muorre,  
II rêst yn dyn stinzen,  
I om myn bruorren en freonen  
II wol ik dy de fredegroet bringe,  
I om it hûs fan de heare, ús God,  
II wol ik it bêste foar dy sykje

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast  
III lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

*antifoon* dêr steane ommers de rjochterstuollen

*psalm* psalm 122: 3, *lieteboek foar de tsjerken*

freegj' om de frede foar dy stêd  
en bid har wâlen wolfeart ta,  
lit dy't dij leavje frede ha  
en rêst, omdat de hear dij rêdt,  
Jeruzalem, o gouden dei,  
as ik dyn poarten yngean mei,  
mei al Gods folk ûnder syn hoede,  
om broer en freon dy't ik dêr fûn,  
om 't hillich hûs fan Gods ferbûn  
sykj' ik aloan foar dij it goede

*antifoon* dêr steane ommers de rjochterstuollen

*lêzing* Mattéus 28: 16-20

De alve learlingen gongen nei Galiléa, nei de berch dêr't Jezus har oansein hie te kommen. Doe't se him seagen, foelen se earbiedich foar him del, mar der wienen ek guon, dy hâlden har op in distânsje. Jezus kaam tichterby en sei tsjin harren, 'my is alle macht jûn yn 'e himel en op 'e ierde. Gean der dus op út en meitsje alle folken learlingen fan m y, doop harren yn 'e namme fan de heit en fan de soan en fan de hillige geast en lear harren alles nei te kommen, wat ik jimme oplein haw. Sjoch, Ik bin alle dagen by jimme oan 'e ein fan 'e tiden ta'.

*meditaasje*

Mei himelfeart tinke wy, dat Jezus by ús wei giet. Wy miene dat hy de wrâld oerlit oan syn bewenners. Mar Mattéus fertelt wat oars. Jezus hat alle macht. Net allinnich hjirre, mar ek yn 'e himel. Wa kin op ierde wêze en macht útoefenje dêrboppe? Jezus sjogge wy hjir net mear, omdat er mear macht krigen hat, net minder. Wy kinne ek net sizze, dat hy fuort giet, by ús wei. Hy is just mei ús, wêr't wy ek binne. Dat kin inkeld sizze, dy't by God is. Oan 'e ein fan it evengeelje nimt Jezus gjin ôfskied, hy iepenbieret just wat nijs, mienskip sûnder grinzen.

Us kening is kening fan himel en fan ierde, hy hat macht oer alles. Dat betsjut net dat er alles bestjoert. Mar al dat hy útmakket en oars net ien, wêr't alles útkomt. Hoe't it ôfrint, hy hat it lêste wurd oer alles en eltsenien. Dêrom hat de tsjerke him nei de oerwinning fan peaske nea konsintrearre op ien plak, mar just ferspraat. Himsels oprutsen en kwetsber makke, ieu yn ieu út. Oeral dêr't katedralen kamen, gongen ek wer minsken fierder, de wyldernis yn.

Dat kin en dat moat, omdat sa allinnich de aard fan Jezus syn keningskip sichtber wurdt. Dêr't wy binne is Jezus kening, mar ek dêr't wy noch net binne. Dêr en fierder. Dat keningskip hoecht net befochten te wurden. It moat ferkundige. Elke nije kening stjoert herauten troch syn ryk. Ut'e haadstêd wei geane dy troch stêd en doarp en se stopje pas by de grins. Jezus syn herauten binne wy. Mar wy meie nearne hohâlde. Oeral dêr't wy in foet sette, is syn ryk.

*stilte*

*mesyk*

*liet*            lofsang fan Sacharias, gesang 67: 1, 2 en 3 , steande, *lieteboek foar de tsjerken*

no loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
wat hy oan David tasein hie,  
dat woe hy wierheid meitsje,  
al wêr't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje

hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't Hy oan Abram dien hie  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie,  
wy mei', út fijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij  
ús libben lang op ierde,  
do, bern, silst útgean foar de hear  
en meitsje him de wegen klear,  
dy't nei syn takomst liede

hjir wurdt de wiere wysheid fûn,  
hjir mei Gods folk it leare,  
de hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare,  
in nije dage wurdt ús brocht,  
wy meie stean yn 't klearre ljocht  
fan wierheid en genede,  
wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede

*gebedens*

*foargonger*    leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar alle minsken ûnwennich  
nei dy iene hearlike stêd fan frede.  
En wy roppe:

*gemeente*      hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger*    wy bidde foar alle gearre',  
dyt jo namme net hearre,  
jo regels net kenne,  
toarst hawwe nei rjocht,  
sa roppe wy,

*gemeente*      hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger*    .... ..  
en wy rope,

*gemeente*      hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde jo,  
dat wij frijmoedich leare,  
dat wat jo sizze wier is,  
jo oerwinning útdrage  
en foarskot nimme op jo frede,  
rjocht dogge oan ús neisten  
en dope yn jo namme,  
dêrom bidde wy meiinoar,  
*gemeente* ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid,  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet:* gesang 371: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

de hoanne hat de boade dien,  
oerein, de dei is iepengien  
en Kristus ropt yn d' iere moarn,  
'o, doch de nije minske oan'

hy ropt, 'oerein, myn hearskippij  
giet yn, it tsjuster is foarby,  
wês rein en iepen, hâld jim klear  
foar d' oardielsdei, ik bin de hear'

de hoanne kraait en alle fear  
giet ûnder 't pannetek te kear,  
flak foar't it sinneljocht ferriist  
'sa komt de hear dy't fûnis wiist

ús leit, yn huver foar de dea,  
in tek fan skuld oer siel en lea,  
de hoanne ropt, fan 't ljocht beflein,  
oer stêd en gea, 'oerein, oerein',

o, sa't de sinne 't komme lit,  
as hy syn ljocht oer d' ierde jit,  
til ús út leed en pine wei  
omheech mei útsjoch op in dei  
it kweade hat ús yn 'e macht  
en tsjuster is de sûndenacht,  
hjir is de sliep dy't oer ús leit,  
in byld fan dea en ivichheid

mar út 'e hichte ropt in stim,  
'wês wach, ik kom en sykje jim,  
ik bin de stjerre fan 'e moarn,  
de nacht is gien, de dei komt oan'

*seine*

*foargonger* de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
*gemeente* amen

# achtste fesper foar de tiid fan peaske nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

foargonger      hear, iepenje my de lippen  
gemeente        myn mûle sil sjonge fan jo lof  
foargonger      God, kom my te help  
gemeente        heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne*      ljocht dat ús ropt oerein te kommen,  
wylst wy noch sliep' yn d' iere moarn,  
stiif bin ik, neaken en ferklomme,  
oerspiel my, ljocht, fjurje my oan,  
omearmj' ús dat wy mei ús allen,  
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,  
net út elkoars genede falle  
en weiwurde, fan nimmen fûn

ljocht dat foar my in plak bewarre,  
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,  
ljocht, skyn de dei dy't my útkarde,  
til my omheech as ynleaf bern,  
do, bern yn my, sjoch út myn eagen  
oft earne al de moarntiid daag't,  
dat d' ien foar d' oare wurdt in segen  
en elts syn namm' yn frede draacht

tsjuster kin oars net as ferniele  
en nimmen dy't dan takomst sjocht,  
mar ienris moat de macht ferdylge,  
dy't net syn oarsprong hat yn 't ljocht,  
mearstimmich ljocht, lit sjen en hearre  
dyn hertslach, fjoerich, krêftich wis,  
leafste fan minsken, earste berne  
en lêste wurd fan him dy't is

*antifoon*        lit de geunstelingen jubelje yn gloarje

*psalm*            psalm 149: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

no moat de nije lofsang klinke,  
hjoed wolle wy Gods trou betinke.  
lit dy't him kenne, allegearre,  
jim blide sangen hearre,  
Israel, sjong mei klearre stim  
foar dyn skepper en priizje him,  
kom, folk fan Sion, foar dyn hear  
en bring de Kening ear'

loovje no lûd syn grutte namme,  
hy hat ús hope net beskamme,  
kom om by tamboeryn en lieren  
't oerwinningsfeest te fieren,  
slút de rigen en dûnsje mei  
yn it ljocht fan 'e nije dei,  
foar him, waans goedens oer ús giet,  
foar him ús psalm en liet

*antifoon*        lit de geunstelingen jubelje yn gloarje

I+II              haleluja,

I sjong foar de heare in nij liet,  
 II syn lof yn 'e gemeente fan syn geunstelingen,  
 I lit Israel bliid wêze om syn skepper,  
 II lit de bern fan Sion jubelje om har kening,  
 I lit har syn namme huldigje mei dûnsjen,  
 II lit har by tromme en liere foar him psalmsjonge,  
 I want de heare hat tige mei syn folk op,  
 II hy kroanet de ellindigen mei de oerwinning,  
 I lit de geunstelingen jubelje yn gloarje,  
 II lit har jubelje yn har legerkampen,  
 I de mûle fol fan Gods lofprizingen  
 II en in twashedich wapen yn 'e hân,  
 I wraak oefenje ûnder de folken,  
 II ferjilding ûnder de naasjes,  
 I har kening mei kettings bine,  
 II har foarname Iju mei izeren boeiens,  
 I it beskreaune fonnis oan har útfiere,  
 II dat is de eare foar al syn geunstelingen,  
 I+II halleluja

I eare oan de heit en de soan en de hillige geas  
 II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

*antifoon* lit de geunstelingen jubelje yn gloarje

*psalm* psalm 149: 3, 4 en 5, *lieteboek foar de tsjerken*

hy jout de dimmenen fiktoarje,  
 hy set syn folk yn glâns en gloarje,  
 hja jubelj' yn har kampeminten,  
 't is freugde yn har tinten,  
 'wa't ferachte wie yn 'e wrâld,  
 fynt by him rêding en behâld,  
 de heare draacht ús dei oan dei,  
 syn leafde bliuwt ús nei'

hja hawwe 't skerpe swurd yn hannen,  
 om alle wreed geweld te bannen,  
 hja sille 't heidenfolk betwinge,  
 Gods wrake oer har bringe,  
 ja, har foarsten yn bannen dwaan  
 en har grutten yn boeiens slaan,  
 want alle ûnrjocht nimt in ein,  
 de fijân is ferslein

no sil, sa't Gods profeten skriuwe,  
 syn folk yn frede wenjen bliuwe,  
 de heare sels wol ús befrije  
 fan twang en tirannije,  
 út 'e dize fan need en nacht  
 sil ferrize in nij geslacht,  
 himel en ierde komme gear  
 yn jubel foar de hear

*antifoon* lit de geunstelingen jubelje yn gloarje

*lêzing* Mattéus 10: 24 - 42

De learling stiet net boppe de master, de feint net boppe syn baas. De learling mei bliid wêze, as er sa fier komt as de master, de feint sa fier as syn baas. As se de hear fan it hûs al Beëlzebûl neamd hawwe, hoefolleste earder sille se dat syn folk net dwaan. Wês net bang foar harren. Neat is omers bedutsen, dat net ûntdutsen wurde sil, neat geheim, dat net bekend wurdt. Wat ik jimme by tsjuster fertel, jou dat troch by ljochtskyndeï en wat jimme yn 't ear flústere is, meitsje dat lûd en foar elkenien bekend. Wês net bang foar harren dy't wol it lichem deadzje kinne, mar net de siele. Wês earder bang foar him dy't de macht hat siele en lichem beide yn 'e hel te ferdylgjen. Jilde mosken net in stoer de twa? Net ien fan dyen sil nei ûnderen

falle bûten jimme heit om. By jimme binne sels de hierren fan 'e holle allegearre teld. Wês dêrom net bang. Jimme binne mear wurdich as in kloft mosken meiinoar.

Elkenien dy't it foar my opnimt by de minsken, dêr sil Ik it foar opnimme by myn heit yn 'e himel. Mar elkenien dy't my net kenne wol by de minsken, dy sil Ik net kenne by myn heit yn 'e himel.

Tink mar net, dat ik kommen bin om frede op 'e wrâld te bringen. Ik bin net kommen om frede te bringen, mar it swurd. Myn kommen bringt ommers skeel tusken soan en heit, dochter en mem, skoandochter en skoanmem. Yn eigen hûs sil men jins fijannen hawwe. Wa't syn leafde foar heit of mem heger stelt as dy foar my, heart net by my. Wa't syn leafde foar soan of dochter heger stelt as dy foar my, heart net by my. Wa't syn krús net opnimt en my net folgje wol, heart net by my. Wa't besiket it libben te behâlden, dy sil it ferlieze en wa't it libben om my ferliest, dy sil it behâlde.

Dy't jimme opnimt, nimt my op en dy't my opnimt, nimt him op, dy't my stjoerd hat. Wa't in evangeeljepreker opnimt, omdat it in evangeeljepreker is, sil it lean fan sa'n ien krije en dy't in bern fan God opnimt, omdat it in bern fan God is, dy sil it lean fan sa'n ien krije. Wa't ien fan dizze lytsen al is it mar in kopkefol kâld wetter jout, omdat it in learling fan my is, ja, Ik sis jimme, it lean dêrfoar sil him net ûntkomme.

### *meditaasje*

Ek nei de oerwinning fan peaske is der striid. Dat is fansels de striid tusken minsken, dy't noait ophâldt salang't der sûnde is. Mar it is ek it ferset fan allegearre dy't Jezus as kening net akseptearje. Dy't dy sûnde net loslitte wolle. Dêrom, gjin frede, mar it swurd. Dat wol sizze, op ierde. Dêr sille ferskate âlde machthawwers har grime kuolje op 'e herauten fan it nije ryk. Just dat moatte wy net ferjitte. By alle eangst en pine stiet der neat mear op it spul. It giet tusken herauten en dy't net hearre wolle. Gefjochten tusken supporters. Mar dy kinne de útslach net mear feroarje. Dêrom, net bang wêze en iepentlik tsjûgje. De oerwinning is fan Kristus.

Mar likegoed kin it by sokke gefjochten noch wol raar gean. Jezus wit dat sels as gjin oar. Frede en rjocht binne altyd net populêr. De âlde wrâld sit net op 'e nije te wachtsjen. En dan dochs net bang wêze? 'Nee', seit Jezus. Want sa't de nije wrâld sûnder ferwin komt, sa binne jim yn djipste wêzen dêrmei ferbûn, en dat djipste wêzen kin net ien oanreitsje, lit stean skea dwaan of skeine. De gefjochten geane net allinnich bûten de takomst om, mar ek bûten ússels.

Dit is de werklike reden dat der yn 'e bibel oerwinningslieten steane. Dat sprutsen wurdt oer wraak oan 'e fijannen. Omdat dat in werklikheid is, dy't net mear fan ús ôfhinget. Wy sjonge fan in oerwinning, dy't wy net hoege te beheljen. Wy hawwe ús libben al oerjûn. Dy't mient dat der by ús noch wat te heljen is, is de echte ferliezer.

### *stilte*

### *mesyk*

### *liet*

lofsang fan Sacharias, gesang 67: 1, 2 en 3, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

no loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
wat hy oan David tasein hie,  
dat woe hy wierheid meitsje,  
al wêr't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje

hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't hy oan Abram dien hie,  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie,  
wy mei', út fijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij  
ús libben lang op ierde,  
do, bern, silst útgean foar de hear  
en meitsje him de wegen klear  
dy't nei syn takomst liede

hjir wurdt de wiere wysheid fûn,  
hjir mei Gods folk it leare,  
de hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare,  
in nije dage wurdt ús brocht,

wy meie stean yn 't kleare ljocht  
fan wierheid en genede,  
wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede

*gebedens*

*foargonger*

leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar alle minsken dy't bang binne  
fan 'e machten om har hinne  
en wy roppe,

*gemeente  
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
wy bidde foar allegearre,  
dy't ûnder har dak gjin frede,  
mar it swurd útfanhûs krigen hawwe,  
om jo namme,  
sa roppe wy,

*gemeente  
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
... ..  
en wy roppe,

*gemeente*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger*

heare, wy bidde jo,  
om jo oanwêzichheid, nacht en dei,  
yn ús hert en holle en hannen,  
om de moed om nei elk te hearren  
dêr't wy fan witte, dy komt fan jo,  
om jo geast dy't ús folhâlde lit  
ek mei ús krús op 'e rêch,  
dêrom bidde wy meiinoar,

*gemeente*

ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sat ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid,  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet*

gesang 371: 8 oant en mei13, *lieteboek foar de tsjerken*

as 't kwead' ús yn it tsjuster bant,  
dan ropt de stim fan Gods gesant,  
ljocht oer de drôge fan ús hert,  
hy wachte, mar fergeat ús net

hoe djip in minsk' ek sinke mei,  
berou en triennen komme nei,  
as hy de hoanne heart, sadat  
hy skriemend wekker wurdt by God

de hoanne ropt de hôven oer  
en op 'e kimen brânt it fjoer  
fan d' iere sinn' en seit foarwis,  
dat Kristus stoarn en opstien is

de hoanne ropt oer hûs en hear,  
de dea is wei, hy komt net mear,  
de hel is brutsen en tenei  
falt alle kwea yn 't tsjuster wei

hoe leech en ûnbetrouber is  
de wrâld yn alle tsjusternis,  
in wylde dream, in koarte waan,  
de wierheid sil ús libben jaan

wat jouwe goud en eare dan,  
wat litte macht en ear' in man  
dan mear as wyn en fearren nei,  
wês wekker ta de jongste dei

*seine*

*foargonger  
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
amen

# njoggende fesper nei peaske, pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* ljocht dat ús ropt

ljocht dat ús ropt oerein te kommen,  
wylst wy noch sliep' yn d' iere moarn,  
stiif bin ik, neaken en ferklomme,  
oerspiel my, ljocht, fjurje my oan,  
omearmj' ús dat wy mei ús allen,  
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,  
net út elkoars genede falle  
en weiwurde, fan nimmen fûn

ljocht dat foar my in plak bewarre,  
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,  
ljocht, skyn de dei dy't my útkarde,  
til my omheech as ynleaf bern,  
do, bern yn my, sjoch út myn eagen  
oft earne al de moarntiid daag't  
dat d' ien foar d' oare wurdt in segen  
en elts syn namm' yn frede draacht

tsjuster kin oars net as ferniele  
en nimmen dy't dan takomst sjocht,  
mar ienris moat de macht ferdylge,  
dy't net syn oarsprong hat yn 't ljocht,  
mearstimmich ljocht, lit sjen en hearre  
dyn hertslach, fjoerich, krêftich wis,  
leafste fan minsken, earste berne  
en lêste wurd fan him dy't is

*antifoaan* al wat sykhellet, loovje de heare

I+II halleluja  
I loovje God yn syn hillichdom,  
II loovje him yn syn machtich ferwulft,  
I loovje him om syn machtige dieden,  
II loovje him, machtich en grut dat er is,  
I loovje him mei de klang fan 'e rammehoarn,  
II loovje him mei harp en liere,  
I loovje him mei tromme en dûns,  
II loovje him mei snaren en fluit,  
I loovje him mei slaande bekkens,  
II loovje him mei sketterjende bekkens,  
I al wat sykhellet, loovje de heare  
II halleluja

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

*antifoaan* al wat sykhellet, loovje de heare

*psalm* psalm 150: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

loovje God yn 't hillichdom,  
rop syn nammen oeral om,  
heger as it firmamint,  
fierder as de sinne rint,  
al wat libben hat op ierde,  
loovje him yn syn hielal  
foar syn wûnders sûnder tal,  
foar syn goddelike dieden

rammehoarn mei sterke stim,  
harp en siter, loovje him,  
lit de wrâld yn wille wei  
sjong' en dûnsje troch de dei  
by de bekkens en de lieren;  
set by tromm' en tamboeryn  
heech it halleluja yn  
om in feest foar God te fieren

*antifoan* al wat sykhellet, loovje de heare

*lêzing* Jehannes 14: 21 - 29

Dy't myn geboaden krige hat en him deroan hâldt, dy is it dy't my leafhat en dy't My leafhat, him sil myn heit leafhawwe. Ik sil him ek leafhawwe en ik sil my oan him bekend meitsje. Judas, net Judas Iskariot, sei tsjin him, 'hoe komt it dan, hear, dat jo jo àl oan ús bekend meitsje sille en net oan 'e hiele wrâld'? Jezus antwurde, 'as ien my leafhat, sil er him oan myn wurd hâlde en myn heit sil him leafhawwe, wy sille by him komme en ús by him nei wenjen sette. Dy't my net leafhat, hâldt him net oan myn wurden en it wurd dat jimme hearre, is mines net, mar fan myn heit dy't my stjoerd hat. Dat haw ik jimme sein, no't Ik noch ûnder jimme tahâld. De helper, de hillige least dy't myn heit yn myn namme stjoere sil, dy sil it jimme allegearre leare en jimme alles wer yn it sin bringe, wat Ik jimme sein haw. Frede lit Ik jimme nei, myn frede jou Ik jimme, net lykas de wrâld frede jout, jou Ik jimme dy. Wurd mar net oerstjoer en sit mar net yn noed, jimme hawwe heard, dat Ik tsjin jimme sein haw, 'Ik gean fuort en kom wer by jimme'. As jimme my leafhienen, soenen jimme der bliid om wêze, dat Ik nei myn heit ta gean, want myn heit is mear as Ik. No dan, dit haw Ik jimme sein ear't it komt, dan sille jimme leauwe as it komt.'

*meditaasje*

Leauwe as it komt, seit Jezus. Wy hawwe der soms al muoite genôch mei om te leauwen wat der plakfûn hat. Is dat echt bard allegear mei Jezus? Hat er dy dingen echt allegeaarre sein? De hurde réaliteit fan it krús wurdt sels foar de learlingen al gau in simboal, in ferhaal, in mite.

Dat peaske werklikheid wurdt en werklikheid bliuwt, dêrfoar komt de geast. De leafde dy't Jezus wie komt wer, mar yn in oare foarm. It is krekt as wennet der ien by jin, ien dy't jin alle dagen leart, dat is goed, dat is fout. Net omdat it oars moat, mar omdat it oars komt.

Geast is beweging. Dat betsjut, hy wol ús altyd in kant út hawwe. Krekt as de wyn, dy't noait op itselde plak bliuwe kin. Sa driuwt de geast ús soms ek om wat te dwaan, wat te sizzen, nei ien ta te gean. It binne de mominten dat jo fiele, dat God sterker is as minsken, sterker as ús. It wondere is, dat inkeld dat gefoel fan ûnrêst en beweging ús wiere frede jout. In frede dy't wy net hoege te befjochtsjen, mar dy't besit fan ús nimt. Yn ússels fernimme wy de helper, de treaster. Dy't ús oeral de werklikheid fan it krús bewiist. Dy't ús nei de takomst

ta lûkt fan peaske. Yn ússels begjint God de frede.

*stilte*

*mesyk*

*liet* lofsang fan Sacharias, steande, gesang 67: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

no loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
wat hy oan David tasein hie,  
dat woe hy wierheid meitsje,  
al wêr't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje

Hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't hy oan Abram dien hie,  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie,  
wy mei', út fijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij  
ús libben lang op ierde;  
do, bern, silst útgean foar de hear  
en meitsje him de wegen klear  
dy't nei syn takomst liede

hjir wurdt de wiere wysheid fûn,  
hjir mei Gods folk it leare,  
de hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare,  
in nije dage wurdt ús brocht,  
wy meie stean yn 't klearre ljocht  
fan wierheid en genede,  
wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede

*gebedens*

*foargonger*

leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar alle minsken dy't de frede sykje  
en dy fan 'e wrâld net krije  
en wy roppe,

*gemeente  
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
wy bidde foar alle gearre  
dy't har allinnich fiele  
op 'e brede wei nei jo takomst,  
dêrom roppe wy,

*gemeente  
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
... ..  
en wy roppe,

*gemeente*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger*

heare, wy bidde jo  
om de krêft yn ús binnenst  
dy't alles oan it sjongen bringt  
al ús snaren klinke lit  
bysûnder makket dy't wy binne,  
jo geast yn ús hert,  
dêrom bidde wy meiinoar,  
ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo Keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet*

gesang 243: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

alear, doe't God de wrâld besocht,

hy skuord' yn grym' en gloed  
de tsjust're wolkens mei it ljocht  
dat flamme foar syn foet

de twadde kear doe kaam er oan  
mei macht en leafdefjoer,  
syn hill'ge do kaam yn 'e moarn  
op wyn en wjokken oer

it fjoer, dat yn 'e tsjusternis  
de berch oan 't triljen brocht,  
wie no foar elk dy't fan him is,  
in kroan fan leaflik ljocht

as út 'e tichte tongerwolk  
Gods hoarn yn d' earen giet,  
dan komt der grutte freez' oer 't folk  
en swijt it ing'leliet

mar no't ús God, de hill'ge geast,  
syn keppel socht en fûn,  
no bin de wierheid en de treast  
har hill'ge wegen rûn

hy komt yn tsjerk' en oer de wrâld,  
dy't tsjuster is en kwea,  
mar alle hert, behurd' en kâld,  
ferklommet ta de dea

mom, geast fan wierheid, leafd' en macht,  
út hoop' en freze wei,  
rêd yn dizz' oere, dat de nacht  
net oer ús komme mei

*seine*

*foargonger  
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
amen

